

**Liturgy foar de tredde snein nei Epifany
yn de Sint Jan (online)
Deinum,24 jannewaris 2021**

Gezocht: klokkenluiders voor een nieuwe tijd

**Foargonger: ds.Harrie Strubbe
Piano: Ruurd Salverda**

- Pianomusyk
- Wurd fan wolkom en meidielings
- Begjinliet : Psalm 145, piano

*O heechste God, myn kening en Hear;
 ik loovje heech jo Namme en sjong jo ear,
 ik sil de gloarje fan jo majesteit
 ferheegje, no en yn alle ivichheid,
 'k Sil dei oan dei Jo ear en tank bewiizje,
 de Hear is grut, al 't skepsel moat Him priizje.
 Syn grutheid giet it skerpst begryp te boppe;
 lit bern en bernsbern fan syn dieden roppe!*

- F. : De Hear wês mei jim!
- Gem.: En ek mei jo.
- F. : Us helper is de Iviche
- Gem.: dy't himel en ierde makket. Amen

- Liet "Yn dit hûs mei hannen boud" (E.Dam/ H. van der Meer)

*Yn dit hûs mei hannen boud,
 kâlde stien dy't waarmte jout,
 falt in ljochtstriel troch de glêzen
 oer de wurden dy't wy lêze.*

*Neffens iuwenâld gebrûk
 ha wy earen nei it boek
 dat ús iepent, net behaget,
 en dêr't sprekend ljocht yn daget.*

*Troch de taal yn bylden skreaun
 wurde wy ta klearens dreaun;
 yn it grau fan it besteande
 hâldt in oare foet ús geande.*

*Yn dit hûs út hertslach boud,
weefsel dat besieling jout,
baarnt it âlde fjoer noch hillich
ta in nije geast reewillich.*

-Kyrie

-Gloria : Liet 103 e

Bless the Lord, my soul and bless Gods holy Name,
Bless the Lord, my soul, who leads me into life.

Loovje God, myn siel en seinigje syn Namme,
Loovje God, myn siel, dy't my it libben jout.

-Gebed fan 'e snein

-Profetenlêzing: 1 Samuel 3: 1-10

*De jongfeint Samuel tsjinne de Heare ûnder Ely.
No wie der yn dy dagen mar selden ien dy't ris in iepenbiering
fan de Heare krige: in fizioen kaam mar inkeldris foar.
Op in dei hie Ely him deljûn op syn gewoane plak. De eagen
begûnen him sa min te wurden, dat hy koe net mear sjen.
Gods lampe wie noch net útgean en Samuel hie him deljûn yn
it hillichdom fan de Heare, dêr 't Gods arke wie.
Doe rôp de Ivige Samuel en dy sei: 'Hjir bin ik!
Dêrop rûn er hastich nei Ely en sei: 'Hjir bin ik al, want jo
hawwe my roppen.'
Mar dy sei: 'Ik haw net roppen. Jou dy mar wer del'
Doe gong er fuort en joech him del. Mar de Ivige rop Samuel
op 'en nij. Samuel gong derôf en rûn nei Ely en sei: 'Hjir bin ik
al, want jo hawwe my roppen'.
Mar dy sei: 'Ik ha dy net roppen, myn jonge; jou dy mar wer
del.'*

No koe Samuel de Ivige noch net út eigen ûnderfining en der wie hem ek noch net in wurd fan de Ivige iepenbiere. Maar de Ivige rôp Samuel op 'en nij, no foar de tredde kear. Hy gong derôf, rûn nei Ely en sei: 'Hjir bin ik al, want jo hawwe my roppen'. Doe krige Ely foar it ferstân, dat de Ivige de jongfeint rôp. Dat Ely sei tsjin Samuel: 'Gean hinne en jou dy del. En as Hy dan wer ropt, sis dan: 'Sprek, Hear, want jo tsjinstfeint harket.' Doe gong Samuel fuart en joech him wer op syn plak del. Doe kaam de Ivige, gong by him stean en rôp lykas de oare kearen: 'Samuel, Samuel!' En Samuel sei: ; Sprek mar, want jo tsjinstfeint harket!'

-Liet 317: 1 en 2

Hear, Jo hawwe it swijen brutsen, Jo ha sprutsen,
en jo stim klonk yn ús hert.
Meitsje it paad nei Jo begeanber,
wês fersteanber;
sprek, Hear, jo gemeente heart.

Hear, jo boadskip dat beskreaun is, libben bleaun is,
is in krêft yn ús ferlet.
Sjoch it boek mei wat Jo sizze iepen lizzen;
Sprek, Hear, jo gemeente heart.

-Lêzing fan it Evangeelje: Markus 1: 14-20

*Nei't Johannes oerlevere wie, gong Jezus nei Galilea ta en ferkundige sa it Evangeelje fan God:
'De tiid is kommen en God syn ryk is tichteby. Kear jimme om en leau it evangeelje.'
Doe't Er by de mar fan Galilea lâns rûn, seach Er Simon en dy syn broer Andreas it net útbringen yn 'e mar, want it wiene fiskerlju.*

En Jezus sei tsjin harren: 'Kom efter My oan en Ik sil meitsje dat jimme fiskers fan minsken wurde'.

En fuortdaliks smieten se de netten der hinne en folgjen Hlm. Doe't Er in eintsje fierderop gien wie, seach er Jokobus, de soan fan Sebedeus en syn broer Johannes, dy't yn it skip oan it netteboetsjen wiene.

Fuortendaliks rôp er harren; en se lieten har heit Sebedeus mei it deihiersfolk yn it skip benefter en sleaten har by Him oan.

-“Ring them bells”, door Bob Dylan (van 'O mercy')

Luid die klokken, jij heiden, over de dromende stad.

*Luid die klokken van de heiligdommen,
over stromen en valleien
die wijd en diep zijn, de wereld op zijn kant,
en de tijd loopt terug en de bruid volgt al.*

Luid die klokken, Sint Pieter, jaag ze over de wind voort.

*Luid die klokken met ijzeren hand, zodat iedereen het hoort.
Het is spitsuur nu, over stuur en ploeg
en de zon gaat onder over de heilige koe.*

Luid die klokken, lieve Martha, voor de berooide zoon.

*Luid die klokken opdat de wereld weet: God is één!
O de herders slapen terwijl de wilgen wenen
en het in de bergen krioelt van de verloren schapen.*

Luid die klokken voor de doven en de blinden,

Luid die klokken voor iedereen die je hier nog kunt vinden

*Luid die klokken voor het uitverkoren deel
dat het oordeel gaat vellen al het spel is gespeeld.*

*Luid de klokken voor de vervlogen tijd
van het kind dat schreit, de onschuld die verglijdt.*

*Luid de klonken, sint Catharijne, laat ze zoetgevooid vloeien,
Luid ze in de vesting, voor de lelies die bloeien
Er staan rijen op straat, er is nijd en haat
en ze slechten de blokkades tussen goed en fout.*

-Utlis en oertinking

-Pianomusyk

Yn betinking: Harmina Fokje (Mientje) Rijpstra

-Piano: liet 23 c

*Myn hoeder is de Hear, myn God.
Ik folgje trou syn stim,
Hy weidet my yn greiden grien,
neat bin Ik brek by Him.*

*Jo geunst en goedens folgje my
salang 't ik libje mei
en yn jo ivich hillich hús
mei 'k wenje dei by dei.*

-Foarbeaen, stil gebed, Us Heit (Tuskentiden 229)

*God fan fier en hein ús Heit
dat wy hilligje jo Namme,
ûnder ús sa faak ûntwijd,
troch jo eigen bern beskamme.*

*Bûch de folken nei jo wet,
lit jo ryk op ierde komme.
Byn jo wil ús op it hert
en wy sykhelje ferromme.*

*Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou wat wy misdiene,
sa't ek wy ferjûn ha, Hear,
al dy't skuldich foar ús stiene.*

*Lit oer ús gjin near nacht,
lied ús net yn blyn begearen,
binne wy yn duvels macht,
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.*

*God fan fier en hein ús Heit,
wûnder heimnis is jo Namme,
grut yn krêft en hearlikheid,
oant yn alle tiden. Amen*

-Slotwurd

-Slotliet: 'Wy hiene ús dagen fol flechtige tiid' (Dam/vd Meer)

*Wy hiene ús dasen fol flechtige tiid;
wy komme mei fragen, ús dreamen en striid.
In stim hat ús roppen, in heimnis foar elk,
as kaam er fan boppe en djip ús ússels.*

*Hjir ha wy it plak fûn dat treast en ferbynt,
in doar en in dak fûn dêr't ljocht oer ús skynt.
In wurd wol ús wize it paad nei elkoar,
in liet lit ferrize wat geandewei stoar.*

*Hjir slochtsje wy kleauwen troch leafte en hoop,
hjir meie wy leauwe yn soendei en doop.
In lân wol ús wêze in iepen domyn,
in hân ús genêze mei brea en mei wyn.*

*Wij lêze en bidde, wy sjonge ús tank,
mar hoe't wy hjir sitte te stoel en te bank,
dit hûs is ús hûs net, ús skûl noch behâld,-
âld skeppingswurd rûzet: ús went is de wrâld!*

-Seine (an irish blessing)

*Dat it paad op dy takomt
en de wyn de goede kant útwaait
dat de sinne blier dyn antlit beskynt
de rein dyn lannen myld bedript.*

*En oant wy elkoar wer moetjse
oant wy elkoar wer moetsje
meist burgen wêze yn de palm fan Gods hân.*

*Seinigje en behoedsje ús sa de Ivige,
Heit, Soan en hillige Geast.*

Amen

-Musyk

